

Mei de klompen yn it spul

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2004,
útbrocht op de CD "Der tuskenút"

it is sa noflik oan 'e fuotten	E / G / A / / /
dy bliuwe lekker waarm en droech	E / G / A / / /
om yn de tún op om te wrotten	E / G / A / / /
of klinkert klossend nei de kroech	B / / / / / /
de measte minsken op 'e strjitte	E / G / A / / /
dy fine dat mar flauwekul	E / G / A / / /
no, ja, dat moat se sels mar witte	E / G / A / / /
mar wy komme oeral graach mei de klompen yn it	B / E7/ B / A7/
spul	E / G / A / B /

't is foar de measten wol wat wennen, en oaren laitsje harren slap
mar leaver klompen om 'e teannen, dan sa'n planke foar de kop
in strakke strik is yn de moade, en sûnder skuon dan stiest foar lul
wy ha de moade foar de kroade, want wy komme oeral graach
mei de klompen yn it spul

kearsang:

<i>soms binne wy dronken, fan bearenburch en wyn</i>	A7 /	D7 /
<i>wy sitte der faak njonken, en binn' in bytsje blyn</i>	F /	C6 /
<i>al ha' wy hurde bonken, wy bin' sêft as in knyn</i>	A7 /	D7 /
<i>mei klompen oan 'e skonken, wy batse oeral yn!</i>	F /	B7 /

al sit de wrâld fol pommeranten, wy lûke ús der neat fan oan
en sjoernalisten fan de kranten, haww' it by ús al lang bedoarn
hoe serieus de lju ek binne, al is de sfear fier ûnder nul
wy batse oeral dwers troch hinne, want wy komme oeral graach
mei de klompen yn it spul

kearsang:

lakskuon lykas spegels, en trijedilich griis
regels binne regels, wy bliuwe eigenwiis
after shavers stjonke, wy hâlde net fan skyn
mei klompen oan 'e skonken, wy batse oeral yn!

guon stappe kreas oer alle kûlen, en passe harren oeral oan
sy prate elk wol nei de mûle, mar minsken, is dat no gewoan
wy haww' ús hert foar op 'e tonge, al fynt in oar dat mar gebrul
wy piipje sa't de âlden songen,
want wy komme oeral graach mei de klompen yn it
wy komme oeral graach mei de klompen yn it
wy komme oeral graach mei de klompen yn it spul